



Moasje ex artikel 36 reglemint fan oarder foar de riedsgearkomste fan de gemeente Hearrenfean

Fan : FNP

Oan : De foarsitter fan de ried

Agindapunt : 3

Ûnderwerp : **wifi4eu: gratis wifi yn Europa**

Datum riedsgearkomst : **8-11-2017**

Oerwagende dat:

- De EU meikoarten 120 miljoen Euro beskikber stelle sil, foar de oanlis fan Wifi-punten yn iepenbiere gebouwen en yn iepenbiere romten;
- dit betsjut dat er dan foar elkenien, fergees op iepenbiere plakken, in ynternet ferbining beskikber wêze kin;
- De takenning fan de subsydzje oan de gemeenten plak fine sil, op basis fan "wa't earste komt, it earste mealt" prinsipe;
- In plan fan oanpak mei sprieding oer de gemeente nedich is foar de oanfraach.

Stelt fêst dat:

- Dizze EU subsydzje de kâns biedt om, tsjin minimale kosten, ynternet ferbiningen oan te lizzen op iepenbiere plakken wêr elkenien gratis gebrûk fan meitsje kin.
- It meitsjen fan it foar de oanfraach nedich plan, mooglik in moaie stage opdracht wêze kin.

Fersiket it kolleezje:

- Sa gau as de subsydzje beskikber komt, aktyf te reagearjen en in oanfraach yn te tsjinjen;
 - Yn tarieding op de oanfraach op koarte termyn it foar de oanfraach nedige plan op te stellen.
-

Yntsjinne troch: FNP

Dizze moasje is: Oannaam Fersmiten Ynlutsen

Stimferhâlding: Fraksje(s) foar: _____ Fraksje(s) tsjin: _____

Hantekening griffier: